

De Psalmen yn 't Frysk.

Der binne grif net folle boeken, dy't by ús Christenfolk sa yn wearde hâlden wurde, as hjar Psalmboek. It is wolris neamd „in geastlike apteek“, hwent der binne gjin sielekwalen, ef men fynt bate by it psalmboek. Ho mannich ien hat op syn siikbêd bygelyks net folle hawn oan ien ef oar psalmferske dat er al as bern fen mem ef master leard hie. En der meije hûnderten wêze, dy't út ús gesinnen weistjerre, mei in treastlike tekst op 'e bleke lippen, der binne tûzenen, dy't yn 'e lêste striid hâldfest hiene oan in psalmfers.

Dat is *nou* sa, mar dat hat ek al ieuwen sa west. Marnix van Aldegonde skreau al sa treflik yn syn „Troost van het Psalmboek:

Syt ghij van dorst benaut, hier sult ghij dranck genieten,

God sal u bange hert met water overgieten;

Is u de siel verflaut van bitter hongersnoot,

Hier vindt ghij overvloed van 't rechte Hemelbroot.

* * *

De Hollanders hawwe dan ek al jierren hjar psalmbiriming. Dy't tsjinwirdich brûkt wirdt is fen om en de by 1775 hinne. Mar dat is net hjar earste biriming. Foartiid song min de psalmen fen Datheen. Fierders hie min de Psalmen birime fen Marnix, fen Jan Utenhove, fen Camphuysen, fen Vondel, fen Outhof en letter noch fen Ten Kate. Dos in rykdom en kar, dy't wol it biwiis wier, ho't de psalmen by it Christenfolk libbene. Ek de Christen-Friezen binne by de psalmen great brocht. Dr. Lûtsen Wagenaar sei by syn libben, det „in Fryske boer oars net song as yn tsjerke“, mar yn tsjerke sjongt er dan ek forgoed mei, hwent de bikendste psalmen kin er hast allegearre samar út 'e holle meidwaen. Hy is it ek sa iens mei Datheen as dy sjongt neffens de earste psalm:

Die niet en gaet in den godtloozen raet,

Die op den weg der sondaers niet en staet,

En niet en sit by den spotters onreijne;

Maer dagh en nacht heeft in Gods wet alleijne

Al sijnen lust, ja spreekt daervan eenpaer;

Die mensch is wel gelucksaligh voorwaer.

* * *

Ien ding kin, as wy net oppasse, wol in bytsje skeadlik wurde, det wy sa fen bern ôf oan mei de psalmen fortroud rekke binne. Ik bidoel nou net, det bern foart ynienen de folle djippe sin fen it psalmfers net forsteane. Wol né, dat komt letter skoan yn oarder. It measte fen hwet bern leare, wirdt hjar yn letter jierren klearder en dúdliker. Ik bidoel ek net, det ús jonges en famkes, om't hja it Hollânsk faken sa helte minder bigripe as it Frysk, de wurden wolris in kear sa útsprekke, det it nearne noch nearne nei roait; lyk as det jonkje út Hennaerderadiel, hwaens heit gauris to Bozum op it spoar gong, earstoan ynpleats fen: „Het heilloos spoor der bozen zal vergaan”, altiten song: „It heilich spoor fen Boazum sal forgaan”. Ei né, dat komt ek al wer yn oarder, en meast aerdich gau. Min glimket deris efkes om, en fielt op 'e nij, hwet in lêst men ús berntsjes opleit, det se yn skoalle oars net as Hollânsk leare.

Ik bidoel hwet oars. Trochdet men de ferskes al sa lang ken, glydt min oer 'e wurden hinne, sûnderdet de skoane ynhâld yen tasprekt sa as 't hearde. Okkerdeis bygelyks stie yn skoalle op boerd in Ingelsk psalmfers. It wier ienfâldich Ingelsk, mar dochs hjir wier in psalmfers yn wurden, oars as min wend wier, en do foel it yen wer op, ho ryk en ho djip, ho djip en forheven ús psalmen dochs binne.

* * *

Hwet in skat scoene wy hawwe yn in Fryske psalmbiriming. Wy glide net sa gau oer 'e wurden hinne, mar se scoene ús fêsthâlde. De psalmen yn in tael, dy't wy net minder mar better forsteane en trochfjille as it Hollânsk! Dirk Jelles sei ris: „it Frysk tingelt sa oan” en dêr bidoelde er mei, det it Frysk yen folle inerliker ta sprekt as it Hollânsk. 't Is dan ek yens eigen Memmetael, dy't fen bern ôf oan yens tearste hertesnaren oan 't triljen brocht hat. It stiet den ek net forgees yn 'e Bibel, det op 'e Pinksterdei de discipelen it folk taspricken „een ieder in zijn eigen taal, in welke hij geboren was”.

Hwêrom forwûnderje de Hollanders hjarren dan altiten, det wy sa mei it Frysk ophawwe. Dy tael komt as in man rigelrjucht op ús ta. Wolle wy djip inerlyk roerd en ûntroerd wurde, den kin dat it bêste yn Fryske wurden.

* * *

Hwêrom hawwe wy noch altiten net in Fryske psalmbiriming. De Hollanders hawwe der fiif, seis! en wy gjin ien. O, ja! der is in bulte yn it Frysk skreaun. Toanielstikken by de rûs, wol in hûndert ef fiif. Mar dat is for de iene helte fen 'e Friezen. De oare helte hat noch sa'n bytsje. Hja hat it noch net iens sa fier bringe kind, det dêr ien psalmbiriming yn it Frysk is. Nou wit ik wol, det ik net to folle kleije mei. Mannen as Gysbert Japix en Ds. Wassenberg en master Salverda hawwe yn hjar tiden forskate psalmen op rym brocht. sa moai, det it hoeft net better. Mar dochs in folsleine psalmbiriming yn it Frysk hat nea to keapjen wêst en is it noch net. *) En dat is wol hwet spitich.

Ik jow ta, det in moaije, swietlûdige en teare psalmbiriming, sa't dy den heart to wêzen, net for it gripen leit. Wy binne ôfhanklike skepsels. As de Heare ús in dichter jowt, dy't it by machte is to dwaen, dan kin it wirde en oars giet it oer. Wy minsken hawwe dat net yn 'e hân.

* * *

Mar Friezen, wisten jimme den net, dat de 150 psalmen ré lizze? Wy hawwe de man en dy man hat it wirk folbrocht. It is A. Wybenga, in genierker efter Wetzens, mar ek in dichter by de graesje Gods. By syn skiep en kij, mids syn greide en bou, ûnder de bloesemjende parrebeam ef by de swietrook fen syn krûdich túntsje, altiten yn Gods hearlike frije natuer, hat er de harplûden Davids opfongen en op rym brocht yn it sounne Frysk fen 'e Dongeradielen. Sels in man, dy't yn 'e psalmen syn siele-kost fynt, wit er nouris yn krêftige, den wer ris yn seafte, altyd yn passende en fielingfolle wurden treflik wer to jaen, hwet God op it Bibelblêd fen 'e psalmen ús goedginstich taskikt hat. En nou't dat kinstwirk fen jierren ynspanning ré leit, dêr yn it stjelpke by de tille oer 'e opfeart, mei it dêr net lizzen bliuwe, mar moat it

*) De Hear K. forjit de „150 Psalmen fin David, mei dy oare Lôfzangen“, trog Jan Althuysen, Pastoor op dy Lytse Jouwer“, yn 1775 „toa Liouwerd, útjown „by Wyger Wygers, boekedrukker, bynder in forkeaper oppe Kelders, it Fiourde Huwz fin dy Kuwrmeitsers Pyep, der dy Rotterdamse Erasmus úthinget“.

Mar dizze earste en oan dizz' tiid ta ienige Fryske Psalmbiriming is bynci net to krijen, en hellet net yn pracht by dy fen Wybenga. Dy fen Wybenga is in wûnder sa moai.

S. H.

printe wurde om it hert fen 'e Fryske frjeonen to forkwikken mei de jeften, dy't God ús joech.

* * *

Fiiftûzen psalmboekjes, mei de catechismus derefter kostje tsjinwirdich seistûzen gounen. Scille wy mei in jier in printe Frysk psalmboek hawwe, den moatte alle leden fen ús selskip skreppe. Wy moatte der goed for sizze, det wy d'r tsjien, tweintich, fyftich, hûndert gounen for oer hawwe; wy moatte der goed for sizze, as yen dat better past, det min fiif, tsjien, tweintich ef mear psalmboekjes for yens rekken nimt. Dan hat min ris ien om wei to jaen. Allinne sà komme de psalmen út it stjelpke yn hûnderten Fryske wenten. It Haedbistjûr fen it Selskip hat for dizze saek de kriten Warkum en Ferwâlde oanwezen en yn 'e krite Warkum bineamd de hear B. Molenaar. De Selskipskas is net bymachte de kosten fen it printsjen to hoedsjen, en dêrom is de administraesje fen dizze saek ôfsûndere fen 'e Selskipskas. Yn dit nûmer fen ús Tiidskrift fynt men in lyst, dêr't ider selskipslid, nei't wy hoopje mei oan it wirk gean scil.

G. KAMERLING, Skriuwer.